FERIENING FRYSK UNDERWIIS

Skriuwerskip:
Drs. S.T. Hiemstra
G. Sondermanstrjitte 29
9203 PT DRACHTEN

140712[1].Jongbloed

Itens, 12 july 2014

Underwerp: ûndersyk fan Lysbeth Jongbloed: *Taalgebrûk fan Fryske jongerein op sosjale media*

Inkelde notysjes

Oanlieding
Hoewol't it ûndersyksferslach dêr sels gjin oanlieding ta jout, set de parse maklik de risseltaten yn in negatyf ljocht. Sa bygelyks it FD (14-04-2014, s. 1): *Correct Fries niet zo belangrijk voor jeugd*. Fan sa'n artikel giet de suggestje út dat jongeren it goed skriuwe kinnen fan it Frysk net wichtich achtsje, mar neffens ús is it in *folle algemiener* probleem. Boppedat hat it ûnderwiis net soarge foar foldwaande kompetinsje op it mêd fan skriftlik brûken fan it Frysk.

In algemien probleem
It is al lang bekend dat jongeren op/yn de sosjale media by it brûken fan it Hollânsk ek in eigen stavering en taal hantearje. It giet harren ornaris om it boadskip en net om de foarm; it tal tekens wurdt beheind. Sûnt de jierren '80 en '90 fan de foarige ieu is der yn it ûnderwiis in streaming ûntstien dy't it meitsjen fan skriuwflaters net sa slim achtet, as it boadskip mar oerkomt (taal is allinnich 'kommunikaasje'). It gefolch wie dat de ferhalen fan de bern sa autentyk mooglik yn skoalkranten ôfprinte waarden mei alle stavering- en taalflaters. No wolle wy net sizze dat op alle oasten de bile set wurde moat - it bekende reade potlead -, mar dy omslach yn it tinken fan gâns minsken hat ynfloed op soarch foar de foarm. Net allinnich op it mêd fan taal en teken, mar bygelyks ek ynfloed op omgongsfoarmen (net langer mei twa wurden prate, grutte minsken mei de foarnamme oansprekke) en bygelyks op de kar fan de klean yn in beskate situaasje (moat de learkrêft noch in strik foar hawwe as er foar de klasse stiet?).

Ferfolchûndersyk
Boppedat waard oanjûn dat der ferfolchûndersyk komme soe. Yn de LC (11-07-2014, s. 24) wurdt melding makke fan in oprop foar in online-ûndersyk nei taalgebrûk op sosjale media. Fannijs útfierd troch ûndersiker Lysbeth Jongbloed fan de Fryske Akademy. Hja is benijd nei de taal dy't brûkt wurdt op Twitter, Facebook en WhatsApp. Har earder ûndersyk wurdt sadwaande útwreide nei *alle* Friezen fan tolve jier en âlder. Hja merkt dêrby yn it krantestikje op: "It docht der net ta oft jo wol of net Frysk brûke op sosjale media." Neikommende opmerkings soene mooglik in rol spylje kinne by dat fuortsette ûndersyk..

Fragen en opmerkings
1. As der socht wurdt nei hâlding en feardichheden fan jongelju foar (de stavering fan) it Frysk oer, dan is it wichtich om ek it omgean mei it Hollânsk derby te beheljen (ferlykje). It soe ommers wêze kinne dat jongeren 'correct Hollands' likemin wichtich fine as se mei jongelju fan har eigen jierren twitterje. It moat koart en fluch. Wat binne de ferskillen, wat de oerienkomsten?

2. Taalgebrûk op de sosjale media is wat oars as it skriuwen fan in *sollisitaasjebrief* of in oar stik dêr't hiel wat fan ôfhinget foar de skriuwer. Op himsels soe it fan belang wêze kinne as der in ferskil

fûn waard tusken it brûken fan it Frysk yn de ‘jongereinkultuer’ en yn de ‘offisjele wrâld’ (wichtige maatskiplike domeinen, dy’t yn sokke situaasjes ornaris freegje om goed taalgebrûk en in krekte stavering). Yn dat gefal soe it *kompetinsjeferskil* (bgl. in breklike skriftlike behearsking fan it Frysk) fan trochslaande betsjutting wêze kinne en soe in Frysktalige jongere, dy’t oars op de sosjale de media op ‘eigen wize’ it Frysk al brûkt, dan foar it Hollânsk kieze (kinne).

3. Frysktalige jongeren brûke it ‘eigen’ Frysk yn de sosjale media. Dat ropt de fraach op: hoe steane se foar better ûnderwiis yn it Standertfrysk oer? Hawwe se ferlet fan omtinken yn de Fryske les foar it handich en goed brûken fan de taal yn/op de sosjale media? Soene se makliker it Frysk brûke op de sosjale media as alle learlingen yn Fryslân leard hiene om it Frysk (goed) te lêzen? Ut de ynspeksjerapporten witte wy dat it Fryske ûnderwiis dy doelstelling yn syn algemienens net neikomt. Foar it Hollânsk leit dat hiel oars. As it Frysk bygelyks op Twitter brûkt wurdt, brûke deselde jongeren it ek *bûten* de sosjale media as se it Frysk skriuwen (al) aardich goed leard hawwe? En sa is der grif mear te betinken.

Drs. T. Dykstra (foars. FFU)